

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Matthijs de Vries
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 30 oktober II. stie nei oanlieding fan it ûndersyk fan de 'Wolvencommissie Gelderland' in stik yn 'e krante wêryn't dy de konklúzje luts dat feehâlders fierste min maatregels tsjin de wolf nimme, en dat yn Fryslân mar 1,8 prosint fan 'e skieppegreiden deugdlike stekken hawwe.¹</p> <p>De Provinsje Fryslân hat in subsydzjeregeling om maatregels te treffen om fee te beskermjen tsjin 'e wolf, mar it docht bliken dat de measte feehâlders dêr gjin gebrûk fan meitsje. De foarsitter fan de wolvekommisje yn Fryslân, Harry Oosterman, pleitet foar mear foarljochting.</p> <p>Salang't fee net goed beskerme wurdt, binne skiep, geiten en oare bisten maklike proaien foar 'e wolf. En as fee in maklike proai foarmet foar 'e wolf, dan bliuwe se fee oanfallen yn stee fan wyld.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Feehâlders yn Fryslân meitsje mar in bytsje gebrûk fan de besteande subsydzjemooglikheden om harren fee te beskermjen tsjin de wolf. Hoe kin de provinsje stimulearje dat de regeling better brûkt wurdt, bygelyks troch it systeem fan de oanfreegjen makliker te meitsjen lykas yn Drinte (by de oanfraach direkt al jild beskikber stelle, yn stee fan pas nei it pleatsen fan it stek efterôf betelje)? 2. Ut de nijsbrief fan de Gebietskommisje Wolf² fan april 2023 docht bliken dat de wolvekonsulint net in protte ynskeakele wurdt yn fergelyking mei oare provinsjes. Wêr leit dit oan en hoe kin de provinsje der foar soargje dat mear Fryske feehâlders help ynskeakelje fan 'e wolvekonsulint? 3. Benammen grutte feehâlders binne fan miening dat de maatregels tsjin de wolf te djoer binne en/of tefolle wurk (en dus arbeidskosten) freegje. Op it stuit is it maksimale bedrach dat in feehâlder krije kin € 20.000 euro per trije jier.³ En ek neffens de foarsitter fan de gebietskommisje is dat folslein net genôch om de kosten te dekken. Sjocht it kolleezje mooglikheden om op de langere doer in regeling foar tastiene steatsstipe te ûntwikkeljen dy't ek de gruttere feehâlders op in reële wize foar de kosten kompensearje kin? 4. De foarsitter fan 'e Gebietskommisje Wolf, Harry Oosterman, joech yn in petear yn 'Fryslân fan 'e moarn'⁴

¹ Leeuwarder Courant, 'Veel te weinig veehouders nemen wolfwerende maatregelen, ook Friesland is ver onder de maat', 31 oktober 2023

² Nijsbrief Gebietskommisje wolf, april 2023

³ Dat is it bedrach dat neffens de Europeeske regels as de-minimis stipe yn de lânbousektor jûn wurde kin (Feroardering (EU) 1408/2013);

⁴ Omrop Fryslân, 'Fryslân fan 'e moarn', fan 17:05 minút ôf, 31 oktober 2023

	<p>oan dat mooglike oarsaken foar it net nimmen fan maatregels der oan leit dat guon feehâlders gjin fertrouwen hawwe yn 'e wurking fan 'e stekken. Dêrneist kostet de oanskaf en it ûnderhâlden fan de stekken in protte tiid en jild fan 'e feehâlder. Guon feehâlders nimme dêrom it risiko, om't de kosten fan skea net tsjin de kosten foar it beskermjen fan it fee opwaget. Neffens de Europeeske regels⁵ wurdt in minimale ynspanning easke fan de feehâlders, as dy oanspraak meitsje wol op in fergoeding fan de oerheid. Wat kin de provinsje dwaan sadat feehâlders net langer it risiko nimme mar der foar kieze om harren bisten te beskermjen?</p> <p>5. Op it stuit is de subsydzjeregeling fan de provinsje allinnich beskikber foar in wolfkearende stekken. Oerwaget it kolleezje om ek de regeling út te breidzjen mei bygelyks de ynset fan waakhûnen of oare beskermjende bisten?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Tjitte Hemstra
---------------	--

Datum	2 novimber 2023
-------	-----------------

⁵ Artikel 29 lid 7 fan Feroardering (EU) 2022/2472.